

## **Reaksje Nederlân op it sânde evaluaasjerapport oer Nederlân fan it Komité fan Saakkundigen oangeande it Europeesk Hânfêst foar regionale of minderheidstalen**

Nei oanlieding fan de fisitaasje yn juny 2022 hat it Komitee fan Saakkundigen njoggen oanbefellings dien foar direkte aksje om regionale en minderheidstalen yn Nederlân te beskermjen en te befoarderjen. Hjirûnder wurdt foar elke erkende taal in reaksje jûn op dizze oanbefellings.

### **1. Frysk**

#### **a. Gean troch mei it fersterkjen fan it ûnderwiis yn en fan it Frysk op alle ûnderwiisnivo's en it brûken dêrfan yn it foarskoalsk ûnderwiis, en soargje foar in folsleine learstoel Frysk dy't útfiering jout oan de stúdzje en it ûndersyk nei it Frysk.**

It Ryk jout yn de wet romte om it Frysk oan te bieden yn de berne-opfang en it foarskoalsk ûnderwiis. Sa mei it Frysk njonken it Nederlânsk as wurktaal brûkt wurde. Foar bern yn de berne-opfang yn Fryslân is it goed om yn de kunde te kommen mei it Frysk. Dêrmei is it mooglik om de oansluting ta stân te bringen mei de Frysktalige maatskippij en de trochgeande learline nei it basisûnderwiis. Dat helpt bern yn Fryslân om in aktive rol te spyljen binnen de Frysk-Nederlânske maatskippij dêr't se diel fan útmeitsje.

Ein 2022 hat it Ryk ekstra middels beskikber steld foar it Frysk yn it basis- en fuortset ûnderwiis. It giet om in ynsidintele bydrage fan € 200.000 foar de kurrikulumfernijing yn 2023 en in strukturele bydrage fan € 1,4 miljoen fan 2024 ôf foar learkrêften. Yn de oanrin nei de nije Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2024-2028 makket it Ryk ôfspraken mei de Provinsje Fryslân oer de útfiering en besteging fan dy strukturele middels. De fokus leit op it oanlûken, stimulearjen, oplieden, neiskoaljen en begelieden fan learkrêften. Mei dizze middels set it Ryk yn op it fersterkjen fan it Frysk yn it basis- en fuortset ûnderwiis. Op dizze wize draacht it Ryk ek by oan de doelen fan it Taalplan Frysk 2030 fan de Provinsje Fryslân. Ien ûnderdiel fan it Taalplan Frysk is it doel dat yn 2030 alle skoallen yn de provinsje Fryslân de kearndoelen foar it leargebiet Fryske taal en kultuer oanbiede en der gjin (diel)ûnthefing mear nedich is. In oar doel is om it leargebiet Fryske taal en kultuer folslein oan te bieden neffens de wetlike mooglikheden: yn alle klassen op alle nivo's fan it fuortset ûnderwiis.

Wat it fuortset beropsûnderwiis oanbelanget, biede ynstellings yn Fryslân it kardiell Frysk oan, om mbû-learlingen de kâns te jaan harren Fryske taalfeardigens (fierder) te ûntwikkeljen. Dêrneist wie it stribjen yn de foarige bestjoersôfspraak om it tal mbû-opliedings dat Frysk as kardiell oanbiedt út te wreidzjen foar de rin fan de bestjoersôfspraak. Ek yn de nije bestjoersôfspraak sprekke de Provinsje en it Ryk harren stribjen út om mbû-learlingen ta te rieden op de lokale arbeidsmerk en in meartalige beropskontekst, troch yn it mbû rom oandacht te jaan oan it regionale taalklimaat en de Fryske taalfeardigens. Dêrneist is der op 16 jannewaris, by de behandeling fan de begrutting foar Underwiis, Kultuer en Wittenskip 2024, in amendemint yntsjinne om yn de rin fan de nije bestjoersôfspraak jierliks in bedrach beskikber te meitsjen foar de ynrjochting en útfiering fan in praktoraat dat him rjochtet op meartaligens en lêsfeardigens. It oardiel hjirfoer waard oerlitten oan de Keamer, dy't it foarstel op 15 febrewaris oannommen hat. It praktoraat sil oan de ein fan it earstfolgjende Bestjoersakkoart evaluearre wurde.

Wat it heger beropsûnderwiis en it wittenskiplik ûnderwiis (hbû en wû) oanbelanget, jidt dat wetlik fêstlein is dat hegeskoallen en universiteiten sels geane oer de ynfolling fan harren ûnderwiis en ûndersyk. De ûnderwiisynstellings krije út it ministearje fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip wei hjirfoar in ryksbydrage, yn de foarm fan in lumpsum. Oan de hegeskoalle NHL Stenden wurdt Frysk oanbean by de learareopliedings, dy't studinten opliede ta learkracht oan it basis- en ek fuortset ûnderwiis. Oan de Ryksuniversiteit Grins (RUG) is der op it stuit in interim-heechlearaar Fryske taal en kultuer oansteld. Dêrneist is by de behandeling fan de begrutting fan it ministearje fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip in amendemint yntsjinne troch PvdA/GL om struktureel 340.000 euro beskikber te stellen foar it akademysk Frysk. De minister fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip stipet dit – ûnderwilens oannommen – amendemint en sil hjir útfiering oan jaan.

## **b. Nim maatregels om it rjocht fan de fertochte om it Frysk te brûken yn strafmjochtprosedueres te garandearjen, en garandearje de beskikberens fan in kwalifisearre tolk.**

Yn it foarste plak wolle de Nederlânske autoriteiten ferwize nei harren opmerkings earder dit jier oer it Europeesk Hânfêst foar regionale of minderheidstalen.

Fierder hawwe de Arrondissemintsrjochtbank Noard-Nederlân en it Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert<sup>1</sup> in oersjoch jûn fan hoe't sy útfiering jouwe oan de wetlike bepalingen oangeande de Fryske taal. Boppedat hawwe de rjochtbank en it hôf yn it oersjoch opnommen wat se noch mear dogge en dwaan sille om it brûken fan it Frysk yn it rjochtsferkear makliker te meitsjen. Dêrby giet it om it oanbieden fan kursussen Frysk oan meiwurkers fan de rjochtbank en it hôf; maatregels om klam te lizzen op it rjocht om it Frysk te brûken yn (straf)prosodueres; en perodyk oerlis mei DINGtiid<sup>2</sup> om te ûndersykjen hoe't it brûken fan it Frysk by in mûnlinge behanneling fierder fasilitearre of ûnder de oandacht brocht wurde kin. It folsleine oersjoch wurdt taheakke by haadstik 3.1 fan de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK) 2024-2028.

It haaddoel is it ynsetten fan rjochters, griffiers en offisieren fan justysje dy't de Fryske taal passyf behearskje om yn (straf)prosodueres te foldwaan oan de wetlik bepalingen oangeande de Fryske taal. In tolk is nedich as in prosesdielnimmer it Frysk by in mûnlinge behanneling net (goed) folgje kin. In tolk kin in prosesdielnimmer dy't Frysk prate wol by de mûnlinge behanneling bystean, mar ek prosesdielnimmers dy't it Frysk net (genôch) behearskje, yn steat stelle de mûnlinge behanneling goed te folgjen as der Frysk praat wurdt.

Wat de Fryske tolken oanbelanget, binne de Nederlânske autoriteiten op it stuit dwaande mei de útfiering fan de oanbesteging foar de ynset fan tolken troch it Iepenbier Ministearje en de Rechtspraak. Dizze oanbesteging is ûnderdiel fan it systeem foar tolk- en oersettsjinsten, dat in minimumtarif foar tolken omfettet en de opsje om oer dizze tariven te ûnderhanneljen. De oanbesteging foar it Iepenbier Ministearje en de Nederlânske strafmjochtbanken befettet ek oanfoljende betingsten, lykas in heger minimumtarif foar partijen om yn te skriuwen op de iepenbiere oanbesteging. Doel dêrfan is om hegere tariven te garandearjen foar tolken dy't tolkopdrachten yn juridyske prosodueres útfiere. Nei't rûsd wurdt, sil dit kontrakt yn febrewaris 2024 folslein ymplementearre wêze.

## **c. Belûk Frysktalige fertsjintwurdigers by de ûnderhannelings oer de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer 2024-2028.**

As Taalskipper ûnderhâldt de Provinsje Fryslân it kontakt mei de Fryske maatskippij oer de winsken en soargen oangeande de Fryske taal en kultuer. Yn tarieding op de nije BFTK 2024-2028 hat it Fryske provinsjebestjoer tsientallen petearen hân mei fertsjintwurdigers fan Frysktaligen en organisaasjes. Tink oan fertsjintwurdigers op it mêd fan Frysk ûnderwiis, kultuer, literatuer, media, skiednis, wittenskip, rjochtspraak en rjochtbanken, lokale oerheden, belange- en promoasje-organisaasjes. Yn dy petearen binne harren behoeften en fyzje op de Fryske taal en kultuer op koarte en lange termyn besprutsen. Dêrnjonken binne ek in tal partijen belutsen by it skriuwen fan de konseptteksten fan de BFTK oangeande harren fakgebiet.

## **2. Limboarchsk en Nedersaksysk**

### **a. Meitsje in strategy foar it garandearjen fan it ûnderwiis en de stúdzje fan it Limboarchsk en it Nedersaksysk op alle nivo's fan it ûnderwiis en it stimulearjen fan it brûken fan beide talen yn it foarskoalsk ûnderwiis.**

De ûnderwiiswetjouwing foar it basisûnderwiis wjerhâldt skoallen yn Nederlân der net fan om omtinken te jaan oan regionale en minderheidstalen, sa as it Limboarchsk en it Nedersaksysk. Skoallen hawwe lykwols de frijheid om dêr sels foar te kiezen; se kinne op dit mêd net wetlik ferplichte wurde om yn regionale en minderheidstalen les te jaan. Dochs binne de provinsjes drok

---

<sup>1</sup> It Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert leit foar in part yn de provinsje Fryslân.

<sup>2</sup> DINGtiid is it juridysk advysorgaan dat as taak hat de gelikense posysje fan de Fryske en de Nederlânske taal yn de provinsje Fryslân te befoarderjen, yn oerienstimming mei it kabinetsbelied.

dwaande om it belang fan ûnderwiis yn de streektaal te beklamjen. Se wurde holpen troch it ministearje fan Underwiis, Kultuer en Wittenskip, dat harren wiist op besteande subsydjes.

### **b. Rjochtsje in orgaan op dat de belangen fan de Limboarchsk en Nedersaksysk sprekende minderheden op nasjonaal nivo behertigje kin.**

Om in mienskiplike oerheidsfyzje út te drukken oer de wearde en posysje fan it Nedersaksysk en it Limboarchsk, hat de minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes sawol it Konvenant Nedersaksysk as Konvenant Limboarchsk sletten. Dit konvenant leit de basis foar gearwurking tusken it Ryk en de belutsen lokale oerheden. De útwurking fan dizze gearwurking wurdt konkreet makke yn petearen tusken de belutsen partijen. Tegearre mei dit antwurd stjoer ik jo Keamer ek de evaluaasje fan it Konvenant Limboarchsk (sjoch Taheakke 5). Dizze evaluaasje giet oer de útfiering fan wat yn it konvenant stiet en jout in oersjoch fan de ynset en aktiviteiten fan de konvenantpartners oangeande de Limboarchske taal. De evaluaasje fan it Konvenant Nedersaksysk wurdt yn 2024 ferwachte.

It taalbelied yn Nederlân is sa opboud dat de ferantwurdlikens benammen leit by desintralisearre oerheden, lykas provinsjes en gemeenten. Lokale oerheden hawwe in better idee fan de winsken en behoeften fan de sprekkers fan de oanbelangjende regionale of minderheidstaal. Boppedat kin it dialekt fan it Nedersaksysk en it Limboarchsk per regio ferskille. Ek steane gemeenten en provinsjes tichter by de praktyk as it Ryk. Hoes veur 't Limburgs fungearret foar it Limboarchsk as kennis- en ekspertizesintrum op it mêd fan it Limboarchsk. It Hoes is in spin yn it web, mei sicht op in breed netwurk binnen it Limboarchsk taal-, kultuer- en maatskiplik fjild, mei omtinken foar de ûntwikkeling fan (ûnderwiis)produkten en it behâld fan in oersjoch fan materialen oer en yn de Limboarchske taal. De realisasje fan it Hoes wurdt mooglik makke troch in bydrage fan it Ryk en de provinsje Limboarch. Yn de ferskate provinsjes binne soartgelikense kennis- en ekspertizesintra foar it Nedersaksysk, wêrûnder de Oaverieselakademie en it Centrum Groninger Taal en Cultuur.

## **3. Romanes**

### **a. Rjochtsje in orgaan op dat de belangen fan de Romanes sprekende minderheden op nasjonaal nivo behertigje kin.**

Hoewol't it Romanes ûnder diel II fan it Hânfêst erkend wurdt en yn Nederlân dêrom as net-territoriale taal erkend wurdt, is der oant no ta gjin fertsjintwurdiging foar it Romanes op lanlik nivo. De Roma en Sinti foarmje yn Nederlân tige ferskate mienskippen, elk mei in eigen skiednis en dominante taal.<sup>3</sup>

By it ministearje fan Sosjale Saken en Wurkgelegenheid is it Nasjonaal Kontaktpunt Roma en Sinti ûnderbrocht. Dit is in direkt kontaktpunt foar de Roma en Sinti-mienskippen en lokale oerheden. It kontaktpunt organisearret dialogen mei Roma- en Sinti-mienskippen en relevante ôfdielingen oer wichtige tema's foar de mienskippen, bygelyks de ûnderfinings fan dizze mienskippen mei sigeunerhaat, steateleazens of de bou fan steanplakken.

### **b. Kreëarje bewustwêzen oer de kultuer en skiednis fan de Romanes sprekende mienskip yn it ûnderwiiskurrikulum.**

By it meitsjen fan goed boargerskips- en skiednisûnderwiis wurde drege karren makke oer hokker kultuerhistoaryske ûnderwerpen besprutsen wurde. De lanlik fêststelde keardoelen jouwe oan wat elke skoalle yn it basisûnderwiis en it fuortset ûnderwiis yn it kurrikulum opnimme moat. Skoallen hawwe de frijheid om it ûnderwiis op har eigen wize foarm te jaan. Learkrêften en saakkundigen sjogge derby ek nei de strikt minimale easken foar wat elke learling witte en kinne moat. Dat is lestich, want skiednisûnderwiis is praktysk ûneinich. Sa wurdt der yn it kurrikulum fan it basis- en fuortset ûnderwiis net eksplisyt omtinken jûn oan de Roma en Sinti, mar wurdt dat yn de praktyk besprutsen yn de skiednislessen en -metoaden oer de Twadde Wrâldoarloch en de Holocaust. Der is in soad karronte yn it kurrikulum, sadat learkrêften harren lessen oanpasse kinne oan wat sy op

---

<sup>3</sup> Neist de (ôfstammelingen) fan de Roma en Sinti dy't har (soms lang) foar de Twadde Wrâldoarloch yn Nederlân nei wenjen setten, binne der benammen trije groepen dy't letter kamen. It giet om de Roma en Sinti (en harren ôfstammelingen) út it doetiidske kommunistyske East-Europa dy't har yn de jierren sechstich en santich fan de foarige iuw yn Nederlân nei wenjen setten. Sy krigen yn 1978 in ferbliuwsfergunning fia in Generaal Pardon fan it doetiidske regear. De "Balkan"-Roma en -Sinti (en harren ôfstammelingen) dy't yn 'e jierren '90 de Balkan ûntflechten en de "nije" Roma en Sinti (en harren ôfstammelingen) binne sûnt de útwreiding fan de EU mei de East-Europeeske lidsteaten yn it earste desennium fan de 21e iuw nei Nederlân kommen.

basis fan de learlingepopulaasje nedich achtsje. Bewustwêzen oer de kultuer en skiednis fan de Romanes sprekke mienskip hat no benammen in plak yn it eigen kurrikulum fan de skoallen. Op it stuit wurde de kearndoelen aktualisearre. Foar it fak boargerskip wurde ek kearndoelen opsteld, wêrby't it learen oer ferskaat en ynklúzje ek in plak krijt. Dit jout skoallen mear hânfetten oer hoe't sy yn it ûnderwiis omtinken jaan kinne oan ferskate mienskippen.

#### **4. Jiddysk**

##### **a. Garandearje de kontinuïteit fan de stipe foar Jiddysk ûnderwiis op it basis- en fuortset nivo.**

De Nederlânske oerheid biedt joadske skoallen yn Nederlân de mooglikheid om Jiddysk oan learlingen oan te bieden yn de frije romte fan it ûnderwiisprogramma. De Nederlânske oerheid biedt Cheider de mooglikheid om Jiddysk oan learlingen oan te bieden yn de frije romte fan it ûnderwiisprogramma. De oeren dy't oan it Jiddysk bestege wurde, telle as lestiid en Cheider hat ek de romte om Jiddysk ôf te rûnjen mei in skoaleksamen. It sifer foar Jiddysk komt dan op de siferlist. Der binne dus gjin obstakels foar it oanbieden fan Jiddysk en it befoarderjen fan de taal.

Cheider is fierders erkend as in útsûnderlike skoalle yn de betsjutting fan de Beleidsregel útsûnderlike skoallen FU 2013 (Staatscourant 2012, 22626). Dizze beliedsregel jildt foar skoallen dy't in learlingepopulaasje hawwe dy't struktureel ûnder de slutingsnoarm leit, mar dy't yn stân hâlden wurde om't it ûnderwiis dat se oanbiede, in belang tsjinnet. Der binne twa grûnen wêrop't in skoalle in útsûnderlike skoalle wêze kin:

- fanwegen de geografyske lokaasje, of
- as it jaan fan ûnderwiis in Nederlânsk belang fan ekonomysk of kultuerhistoarysk aard tsjinnet.

De twa joadske middelbere skoallen yn Amsterdam – Cheider en Maimonides – binne erkend as útsûnderlike skoallen, omdat se troch it oanbieden fan ûnderwiis in Nederlânsk belang fan kultuerhistoaryske aard tsjinje. Dat betsjut dat se frijsteld binne fan de tapassing fan de slutingsnoarm en dat se spesjale ekstra finansiering krije. Cheider, dat fuortset ûnderwiis oan 38 learlingen biedt, krijt elk jier 5,5 kear it fêste bedrach foar de haadlokaasje oan ekstra bekostiging. As dit weromrekkene wurdt nei in bedrach per learling, komt dizze ekstra bekostiging op € 35.900 per learling. Dit komt boppe-op de basisbekostiging per learling yn it reguliere fuortset ûnderwiis (sa'n € 8.560 per learling). Cheider hat ek in skoalle foar basisûnderwiis, dy't ekstra bekostiging krijt fergelike mei de basisbekostiging dy't alle basisskoallen krije, ûnder oare de taslach foar lytse skoallen. Per BU-learling krijt Cheider sa'n 57 prosint ekstra bekostiging.

Sjoen de útsûnderlike status en finansiering fan Cheider en de romte dy't der is om Jiddysk oan te bieden, as lestiid mei te rekkenjen en ôf te sluten mei it skoaleksamen, bin ik fan betinken dat Nederlân foldocht oan de ferplichtings fan it Hânfêst en dat Cheider de romte en finansjele middels hat om ûnderwiis yn it Jiddysk te jaan, as Cheider dat wol.

##### **b. Rjochtsje in orgaan op dat de belangen fan de Jiddysk sprekke mienskip op nasjonaal nivo behertigje kin.**

Ek foar it Jiddysk binne der op it stuit gjin ôfspraken makke om de taal te befoarderjen of te stimulearjen. Foar safier bekend, is dy winsk ek net útsprutsen troch belangegroepen of mienskippen dy't har ynsette foar it befoarderjen en stimulearjen fan it Jiddysk yn Nederlân.